

Ynformaasje skoallen 2026

Wy fine it altyd o sa aardich as der wer in klasse mei skoalbern op 'e Folkshegeskoalle útfanhûs komt! Om dat foar de skoallen noch in bytsje betelber te hâlden, hawwe we foar skoalbern in spesjaal taryf.

Hjirûnder hawwe we de prizen foar jo op in rychje set:

Prizen op basis fan Fol Pensjon

€ 42,00 it bern per dei foar de Basisskoalle

€ 50,00 de learling per dei foar it Fuortset ûnderwiis

€ 82,00 de studint per dei foar it MBÛ/HBÛ/Universiteit (18+) en dosinten

Prijzen op basis van Vol Pension voor alle andere accommodaties:

€ 70,00 per kind per dag voor de Basisschool

€ 80,00 per scholier per dag voor het Voortgezet onderwijs

€ 105,00 per student per dag voor het MBO/HBO/Universiteit (18+) en docenten

*Voor de volwassen begeleiders wordt een tarief gerekend van € 105,00 per persoon per nacht.

*Foar de folwoeksen begelieders wurdt in taryf rekkene fan € 82,00 de persoan per nacht.

**Wy biede in koartingskoade oan fan www.fietsenopterschelling.nl dêr't jo mei 20% koarting fytsen hiere kinne foar jo groep.

***prizen binne eksklusyf toeristebelesting € 2,40 p.p.p.n.

Húsregels

Om it foar de Folkshegeskoalle sels betelber en behapber te hâlden, freegje we:

Elkenien nimt sels mei: kessensloop, sliepsek, hoeslekken/ûnderlekken en eigen handoeken. Wolle jo dy leaver hiere? Dat kin en kostet €11,50 it linnenpakket mei dêryn al it bêdeguod en handoeken.

It jûnsiten bestiet út in 2-gongemenu. De learlingen/begelieders helje sels it moarnsiten en diner op en bringe de ôfwask ek sels wer werom nei de keuken.

By it moarnsiten makket elk syn of har eigen lunchpakket om mei op 'en paad te nimmen.

Nei 23.00 oere wurdt der gjin leven mear makke. Wy hawwe yn 'e apparteminten en op it terrein ek oare gasten. Dy komme hjir faak foar de rêst. De kombinaasje skoallen en rêstikers is fansels in hiele útdaging, mar wy tinke dat it kin as elk in bytsje rekken mei-inoar hâldt.

Smoke is op it hiele terrein ferbean yn ferbân mei brângefaar.

Wolle jimme by it fuortgean alle romten biezemskjin achterlitte, ôffalamers leegje en wiete en drûge wask op aparte steapeltsjes dellizze?

Wat te dwaan by brân

Skoallen ferbliuwe altyd yn gebou 't Roefke. Yn dat gebou hingje yn alle keamers en romten slow whoops (grutte, reade brânmelders). As it alaarm ôfgiet, wurdt de brânwacht fuortdaliks alarmearre. Ien fan 'e personielsleden fan 'e FHS wurdt ek belle en dy haastet him nei 't Roefke om te sjen út hokker romte de melding komt. Ek wurdt dan sjoen oft der sels begûn wurde kin mei dwêsten.

Belangryk foar de skoallen is dat wy fan jo ferwachtsje: As it alaarm giet - begjin dan fuortdaliks te ûntromjen! Sammelpak is op it pleintsje by de resepsje, oan 'e kant fan it fytserrek.

Fan de skoalgroepen ferwachtsje we fierder dat se sels meinimme:

Giel heske mocht der ûntromme wurde moatte

Bûslampe foar gebrûk by ûntromming